



Mylpeal foar Omrop Fryslân: 1 miljard views foar Fryske gifkes

Gifkes mei populêre Fryske útspraken as 'Koe minder' en 'Opsokkebalje' gean de wrâld oer. Se binne der al in skoft, mar mei 1 miljard views hat Omrop Fryslân in mylpeal berikt. Omrop Fryslân stiet dêrmei yn de top 10 fan oare regionale en lanlike omroppen.

Lars Hoekstra is de makker fan de gifkes. "Ien miljard views, dat 'koe minder'. It is mear as oare regionale omroppen en wat minder as guon lanlike omroppen, mar dy binne ek wat grutter fansels." Yntusken stiet de teller op goed 1 miljard en dat is in hiel soad, hielendal ast witst dat Fryslân sa'n 650.000 ynwenners hat. In oersjoch mei de views per omrop is [hjiir](#) te finen.

Haadredakteur Ingrid Spijkers fynt it belangryk dat alle ferskate doelgroepen goed betsjinne wurde. "We ha hjir in klup mei minsken dy't hjir in goed gefoel foar ha. Dêrmei berikke we in hiel soad jongeren dy't oars miskien minder gau by Omrop Fryslân komme soenen."

Wat is in gifke?

Gifkes binne al hiel âld, it bestânsformaat komt út 1987 en stiet foar "Graphics Interchange Format". In gifke soest sjen kinne as in filmke sûnder audio of in bewegend plaatsje.

Gifkes binne de ôfrûne jierren bot populêr wurden. Neist in groei yn it brûken fan emoji's, wurde ek gifkes mear brûkt. Der binne no sa'n 1.200 Fryske gifkes fan Omrop Fryslân online te finen fia [GIPHY](#).

Noat foar de redaksje

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Publyk: publyk@omropfryslan.nl of (058) 229 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder



Gifjes met populaire Friese afspraken als 'Koe minder' en 'Opsokkebalje' gaan de wereld over. Ze zijn er al een tijdje, maar met 1 miljard views heeft Omrop Fryslân een mijlpaal bereikt. Omrop Fryslân staat daarmee in de top 10 van andere regionale en landelijke omroepen.

Lars Hoekstra is de maker van de gifjes. "Ien miljard views, dat 'koe minder'. It is mear as oare regionale omroppen en wat minder as guon lanlike omroppen, mar dy binne ek wat grutter fansels." Intussen staat de teller op dik 1 miljard en dat is veel, helemaal wanneer je, je realiseert dat Fryslân zo'n 650.000 inwoners heeft. Een overzicht met de views per omroep is [hier](#) te vinden.

Hoofdredacteur Ingrid Spijkers vindt het belangrijk dat alle verschillende doelgroepen goed bediend worden: "We ha hjir in klup mei minsken dy't hjir sa'n goed gefoel foar ha. Dêrmei berikke we in hiel soad jongeren dy't oars miskien minder gau by Omrop Fryslân komme soenen."

Wat is een gifje?

Gifjes zijn al heel oud, het bestandsformaat komt uit 1987 en staat voor "Graphics Interchange Format". Een gifje zou je kunnen zien als een filmpje zonder audio of een bewegend plaatje.

Gifjes zijn de afgelopen jaren erg populair geworden. Naast een groei in het gebruiken van emoji's, worden ook gifjes meer gebruikt. Er zijn nu zo'n 1.200 Friese gifjes van Omrop Fryslân online te vinden via [GIPHY](#).

Noot voor de redactie

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Publiek: publyk@omropfryslan.nl of (058) 299 78 60.



Omrop Fryslân



Kom fierder